


FERKIEZINGSPROGRAMMA



#THÚS YN DANTUMADIEL

2022-2026



Ynhâld

1. Ynwenner en bestjoer
2. De mienskip
3. Soarch en wolwêzen
4. Wurkgelegenheid, lânbou en toerisme
5. Wenjen en omjouwing
6. Iepenbiere romte
7. Us fjouwer grutte tema's

IEPEN EN INTEGER

Wy fine it wichtich dat de boarger de oerheid fertrouwe kin. De gemeente is de bestjoerslaach dy't it tichtst by de minsken stiet. Leden fan de Gemeenterie of kolleezje binne faak bekend by de boargers. En dêr leit in kâns om de polityk en it bestjoer ticht by de minsken te bringen. De ûnderfinings binne lykwols oars en dat is spitich. It is yn de lêste riedsperioade perfoarst net slagge om ús boarger goed fan tsjinst te wêzen. As FNP wolle wy lykwols net yn it ferline hingjen bliuwe. Wy wolle foarút sjen. Leden fan de Ried en bestjoer moatte betrouber, iepen en oansprekber wêze. Wy ferwachtsje dat ek fan oare partijen trouwens. Gearwurkje yn in noflikke sfear wer't wy tagelyk ek ta wurkje wolle nei in fúzje per 1-1-2026.

FNP Dantumadiel hat nea foar in grutte fúzjegemeente west. Der is in stap set nei in amtlike fúzje mei de eardere gemeenten Dongeradiel, Kollumerlân c.a. en Ferwerderadiel, mar (doemalige) mearderheid fan de Ried hat lykwols net de stap sette wold nei in bestjoerlike fúzje. Dantumadiel is bestjoerlik sels-stannich mar hat net mear it stjoer oer in eigen organisaasje. Dat hat de ôfrûne tiid in soad geharrewar jûn. Dat hat ús fuortsterke yn ús eardere stânpunt om oan te sluten by de nije gemeente Noardeast-Fryslân. Dat lûd litte wy al jierren hearre.

“Wy wolle foarút sjen en tsjinstber wêze foar ús boargers. Dit doche wy troch betrouber en transparant te wêzen.”

Safier is it de kommende jierren (noch) net. Wy wolle sa goed mooglik tsjinstber wêze foar ús boargers. Net troch mei alle winen mei te waaien, mar troch betrouber en transparant te wêzen.

Foar de gemeente moatte de Doarpsbelangen it earste oansprekpunt wêze. Hja ha in koördinearjende rol yn har doarp. De doarps koördinatoaren soargje foar koarte linen tusken doarpen en gemeente. Wethâlders ha kennis fan lokale saken en meitsje bij it ûntwikkeljen fan belied gebrûk fan de kennis en kunde fan de mienskip. En wy fine it belangryk dat de útfiering en it foech sa ticht mooglik bij de minsken stiet. Wy daagje ynwenners út om mei plannen te kommen en jouwe romte om dy út te fieren. De gemeente moat harren ynwenners hjirby stypje mei advys en sa nedich ek de regy nimme.

“Wy daagje ynwenners út om mei plannen te kommen en jouwe romte om dy út te fieren.”

De mienskip op ien; wy fine dat de gemeentlike organisaasje op tiid, adekwaat en sa folle mooglik yn it Frysk reaksje krije moatte op telefoantsjes, mails of nei in petear. Hjir is noch in soad te ferbetterjen en dêr sille wy need foar ha.

Wy sjogge dat de gemeente der finansjeel net goed foar stiet. Utgongspunt is om de belestingdruk op de boargers sa leech mooglik te hâlden. Wij bliuwe lyk oprinnen mei de gemeenten om ús hinne; in lytse gemeente hoecht net in djoere gemeente te wêzen. Wy wolle de boargers goed betsjenje, kwaliteit foar de leechst mooglike kosten. De kosten mei net mear as mei de jierlikse ynflaasje ferhege wurde.

Wy wolle mei de ANNO gemeenten ynsette op nije wurkgelegenheid. De jilden út de Regiodeal en Fersnellingsagenda binne dêr foar en ek Dantumadiel moat syn part ha.

2. DE MIENSKIP

Dantumadiel hat te krijen mei de demografyske ûntjouwing: de befolkingsopbou feroaret, it persintaazje âlderein wurdt heger en it persintaazje jongerein daalt. It is op himsels gjin doel om dit tsjin te gean, mar wol om dy feroarings goed te begelieden. Jongerein dy't hjir in stee fine wol moatte wij koesterje mei goeie kânsen op in wente; it rjocht fan wenjen dêr't jo wenje wolle.

“Aktyf brûken fan it Frysk! Us Fryske taal en kultuer binne by útstek de dragers fan de Fryske mienskip.”

De kwaliteit fan it ûnderwiis is foar de FNP tige wêzentlik. Lyksa dat goed ûnderwiis foar elkenien beskikber en berikber is. Dêr heart foar ús by dat alle bern yn Fryslân de kâns krije om har meartalich te ûntwikkeljen. De meartalige ûntwikkeling dy't by de twa- en Frysktalige pjutteboartersplakken al úteinset is, moat net ophâlde by de basisskoalle, mar yn in trochgeande line fan meartalich ûnderwiis trochrinne fan pjutteboartersplak oant middelbier ûnderwiis. Ek yn it spesjaal ûnderwiis moat der romte komme foar it aktyf brûken fan it Frysk.

Wy wolle dat ús jeugd op skoalle mei krijt yn hokker gebiet hja libje. It sintrum foar Natuer en Miljeu Edukaasje De Klyster yn Damwâld spilet hjir in belangrike rol yn en mei de oare gemeenten yn ús regio stypje wy dat. Ek wolle wy dat de learlingen yn elts gefal in besite bringe oan de Sûkereij yn Damwâld of bygelyks de Schierstins yn Feanwâlden.

Ús Fryske taal en kultuer binne by útstek de dragers fan de Fryske mienskip. Foar de gemeente sil dat in stimulâns wêze om it Frysk as twadde rykstaal nei in heger plan te fillen omdat it draachflak dêrfoar binnen ús gemeente grut is.

De gemeente kin hjir oan bydrage troch yn kontakten mei de boargers it Frysk aktyf te brûken. Ek bij iepenbiere jûnen, de wyklike meidielings yn de hús oan hús krante en op de hiemside is Frysk de noarm. Wy stribje der nei dat op syn minst 25% fan de riedsfoarstellen yn it Frysk binne.

Wy binne grutsk op ús Frysk wêzen en dat wolle wy útstriele; wy binne net foar neat de gemeente dêr't it persintaazje Frysktaligen it heechste leit. Wy wolle dat alle nije ynwenners fan ús gemeenten in wolkoms pakket krije mei dêryn ek de mooglikheid fergees in kursus Frysk by de Afûk te folgjen. Op termyn kin besjoen wurde oft dat oanbod miskien foar alle ynwenners dien wurde kin.

Frysk en it te fieren Kultuerbelied leit yn elkoar ferlingde. Wy binne wiis mei ús attraksjes lykas de Sûkereij en de Schierstins dy't ek in edukative en toeristyske funksje ha. Gearwurking mei oare musea yn ús regio is ek belangryk. De kultuerhistoarje sjogge wy werom yn de gebouwen, lânskipseleminten en eveneminten. Wy wolle yn byld bringe hoe't ek byldbepalende en histoaryske bebouwing behâlden wurde kinne foar de takomst troch isolaasje en hokker mooglikheden der binne om yn har eigen enerzjy te foarsjen.



Of sykje nei in nije takomst foar byldbepalende gebouwen sa as it âlde molkfabryk yn Damwâld. Mar ek de eveneminten lykas de hynstedagen yn Driezum sette ús gemeente goed en posityf op de kaart. Grutsk binne wij hjir op en meie rekkenje op stipe fan de gemeente.

Dat jildt ek foar ús ferienigings dêr't wij noed foar ha. Hja binne it semint yn ús mienskip. Sport is wichtich foar jong en âld; elkenien moat meidwaan kinne. De ferantwurdlikheid leit lykwols wol bij it bestjoer fan de ferienigings; gemeente fasilitear harren. Wij wolle sporters dy't harren ûnderskieden ha elts jier yn it sintsje sette.

3. SOARCH EN WOLWÊZEN

Der binne ferskate taken yn it ramt fan de WMO (Wet Maatschappelijke Ondersteuning) oerdroegen nei de gemeente sa as bygelyks húshâldlike help. Wy wolle dat ús âlderein sa lang as mooglik selsstannich wenjen bliuwe kinne yn harren eigen doarp en dat hja mei dwaan kinne oan ús rike maatskiplik en kulturele aktiviteiten: it doarpslibben. Ek âldere minsken binne fan belang yn ús mienskip; wy wolle net dat minske feriensumje. Kangeroe wenten - âlders en bern wenje njonken inoar – binne maatregels dy't wij de romte jaan wolle. Us ynwenners moatte goed betsjinne wurde. In gruttere organisaasje moat ek koarte leinen ha mei de minsken dy't dat nedich ha. Soarch op maat.

“Soarch
op maat!
Us ynwenners
moatte goed
betsjinne
wurde.
Stypje wat
lokaal kin.”

De FNP stiet der fierder op oan dat minsken dy't soarch freegje safolle mooglik sels meidwaan kinne. Maatwurk moat dêrby it biedwurd wêze. Der wurdt al in soad wurk ferset troch frijwilligers, de druk op mantelsoargers nimt lykwols ta. Dy moatte wêr't dat kin, ûntlêste wurde troch in goede ôfstimming op profesjonele help. Wy stribje dernei dat sa min mooglik byelkoar lâns wurke wurdt: ynsette op it fuort heljen fan barriêres ('ontschotting'), minder burokrasy en minder regels. Wat lokaal kin, moat lokaal organisearre wurde en ek it foech krije om yn te spylje op de fragen fan de kliïnten. Nije of partikuliere inisjativen wolle wy fierder helpe.

De FNP fynt it wichtich dat it jeugdwerk, stipe oan frijwilligerswurk en aktiviteiten foar âlderen behâlden wurdt en at it nedich is stipe wurdt.

4. WURKGELEGENHEID LÂNBOU EN TOERISME

De gemeente moat by it útbesteegejen fan wurk safolle mooglik lokale ûndernimmers ynskeakelje. Wy sjogge no geregeld dat bedriuwen út alle wynstreken hjir wurksumheden útfiere dy't likegoed troch minsken út ús gemeente of út Fryslân dien wurde kinne. Mochten offisjele regels dat yn de wei stean, dan moat socht wurde nei kreative en legale oplossings om it foarinoar te krijen.

“Lokale ûndernimmers
ynskeakelje!
Us eigen jeugd
de kâns jaan om
yn de kunde
te kommen mei
lokale bedriuwen.”

Fierder kin it ûnderwiis en it midden en Lyts bedriuw (MKB) better mei inoar ferbûn wurde. Dan snijt it mes oan beide kanten. Studinten soargje foar ynnovaasje en ús eigen jeugd krijt de kâns om yn de kunde te kommen mei lokale bedriuwen. De gemeente kin dat yn regioferbân stypje. Dantumadiel is hiel geskikt foar de lytsere bedriuwen. Gruttere bedriuwen wolle wij as regio oan ús bine.

De sneinsiepening is net in prinsipiële punt foar ús. Wij fine hiel wichtich wat ús ûndernimmersferieningen fan de doarpen der fan fine. Wij ha net allinnich each foar de grutte winkels mar wy wolle ek sjen nei de belangen fan de lytse middenstanners en it personiel.

De FNP wol nije inisjativen yn de lânbou graach stypje lykas natûrynklusieve lânbou en agrarysk natuerbehear. De FNP fynt ek dat produkten út ús eigen streek better wurdeare wurde moatte. De gemeente kin dat oan de oanbod- en fraachkant hjir en dêr stimulearje. Gjin útwreiding fan de yntinsive lânbou mear.

Der komme mear en mear pleatsen frij troch de skaalfergrutting yn de lânbou. Just de âlde pleatsen binne ikoanen fan ús lânskip en wy wolle romte jaan oan ûntjouwings dy't bydrage oan it behâld en ûnderhâld fan dy pleatsen. Bygelyks troch romte te jaan yn ús romtlike belied.

De ynfrastuktuer foar toerisme mei ús farwegen, havens, fyts- en kuierpaden is al moai op streek. Undernimmers kinne de kânsen no pakke en binne yn it foarste plak ek ferantwurdlik foar it "toeristyske produkt". De FNP stiet iepen foar inisjativen fan fersterking en ferbreiding fan dat produkt.

“Wy steane iepen foar inisjatieven fan fersterking en ferbreiding fan it toeristyske produkt.”

MKB, lânbou en toerisme yn de doarpen ha belang bij goeie berikberens. Sawol fysike as digitaal.

5. WENJEN EN OMJOUWING

Wenje dêr't jo wenje wolle; dat is foar ús it útgongspunt. Wentebou yn de doarpen is tige wichtich foar de leefberens en it iepenhâlden fan skoallen en oare ynstellings. Dêrom moat it bouwen yn lytse doarpen ek mooglik bliuwe. Dêrby tinke we oan keap- én hierwenten. By it ûntwikkeljen fan wenplannen wol de FNP benammen rekken hâlde mei it ferlet ús ynwenners dy't in ekonomyske en sosjaal-maatskiplike bining hawwe. Op de doarpen moatte ek folle mear libbensrinbestindige wenten boud wurde, sadat âlderen sa lang as mooglik yn it eigen doarp wenjen bliuwe kinne. Ek moat sjoen wurde nei nije ûntjouwings wenje yn eardere pleatsen of leechsteande kantoaren. Earst sjen nei romte en mooglikheden yn de doarpen sels en pas dernei sjen net útwreidingsmogelijkheden. Fertutearze gebouwen wolle wy net ha. De gemeente moat hjir belied op meitsje en ek trochpakke as dat nedich is. Duorsum bouwe en it goed isolearjen fan wenten fynt de FNP in goeie wize om te besparjen op enerzjy.

Dernjonken tinke wy oan in oare finansiering fan (nije) wenten. Gemeenten ha mei harren grûnposysje en romtlik belied de kaai yn hannen. Dy wolle wy ek brûke om benammen jongerein yn de eigen regio te hâlden. De FNP wol inisjativen út de eigen regio stypje lykas koöperatief wenje en/of grûn yn erfpacht.

“Wenje dêr't
jo wenje wolle!
Rekken hâlde mei
it ferlet ús ynwenners,
sawol jongerein as
âlderein”


De ûntwikkeling en it opknappen (revitalisearring) fan besteande bedriuwerterreinen kin foarkomme dat in te grut berop dien wurdt op it bûtengebiet. Grutte bedriuwen wolle wij yn regio ferbân betsjinje.

De gemeente moat ambysje toane foar in sûn en skjin miljeu. Wij moatte ta nei in ekonomy fan koarte linen; de sirkulêre ekonomy. En wij moatte fan de fossile brânstoffen ôf; wij sjogge in grutte kâns yn sinne enerzjy op besteande dakken fan bygelyks pleatsen en bedriuwgebouwen. Fierder sjogge wy kânsen yn enerzjy opwekking út (oerflakte) wetter; de saneamde Thermische Energie-opwekking Oppervlaktewater (TEO). De gemeente kin de kaders oanjaan, ús boargers en ûndernimmers moatte der troch ynspirearre wurde, de kânsen sjen en dy fersulverje. Dêr wêr mooglik kin de gemeente in triuwke yn de rêch jaan troch partijen bij inoar te bringen. Of just in stapke wer werom dwaan mei regeljouwing.

De meast duorsume enerzjy is de enerzjy dy'tst net nedich hast; besparje en isolearje dus. Wy sille sels it goeie foarbyld jaan mei it tûk en sunich omgean fan strijfterljochting. Allinne ljocht dêr't it nedich is. As FNP stean wy der foar om de doarpen sels fierder te helpen. In enerzjykoöperaasje of doarpskoöperaasje hat mear as de gemeente yngong bij harren boargers en bedriuwen. Wy sille ús aktyf opstelle om yn de doarpen enerzjy koöperaasjes op te rjochtsjen. Wy binne gjin foarstanner fan (nije) wynmûnen yn ús gemeente.

Wy wolle in duorsume mar ek berikbere gemeente wêze. Yn't foarste plak wolle wij dat it iepenbier ferfier op peil bliuwt de kommende jierren. Feanwâlden en De Westereen oan it spoar binne belangryk foar ús skoallegeande jeugd en minsken dy't yn Ljouwert of Grins (of noch fierder fuort) wurkje. Yn ús gemeente binne noch tal fan âlde lânskipseleminten bewarre bleaun. Tink mar ris oan de halepaden, elzensingels en polderdiken lykas de Wâlddyk. Troch grutskalige ûntjouwings yn wentebou, ynfrastuktuer en de lânbou wurde guon fan dy eleminten sterk bedrige.

De FNP beskôget de lânskipseleminten as dragers fan it lanlik gebiet. Dêrtroch is Fryslân wat it is. Wy wolle alle war dwaan om sokke karakteristike ûnderdielen fan it lânskip te bewarjen en sa mooglik wer yn eare te herstellen. In prachtich dekôr foar ús eigen ynweners mar ek foar toeristen om te fytsen, farren en kuierjen.





De FNP wol it bioferskaat yn de gemeente stimulearje, bygelyks troch blommelinten oan te lizzen, in goed belied foar bijen te fieren en te soargjen foar in ferskaat oan beammen- en plantesoarten.

Dat kin troch in ekologysk grienbehear en ferskraling fan de bermen troch it meanguod ôf te fieren en gemeentlik grien en bermen yn te siedzjen mei blomrike mingsels. Wij dogge dit mei de doarpsbelangen en de agraryske natuerferiening “de Noardlike Fryske Wâlden”.

Mear witte oer it oanfalsplan
‘Wenjen’ fan de FNP?
Scan de koade.



6. IEPENBIERE ROMTE

Us diken en fytspaden moatte in goed kwaliteitsnivo ha. Skea nei froast as kalamiteiten moat gau oanpakt wurde. Wij steane iepen foar nije gedachten en oplossingen foar wegen dy't allinne mar foar lânbouferkear brûkt wurde. Dan moat der wol in alternatyf wêze lykas de Lauwerseewei foar lânbouferkear.

Wy fine it ek wichtich om it brûken fan fossile brânstoffen te beheinen. De gemeente kin hjir op ynspylje troch de oanlis fan in elektryske ynfrastuktuer sa as it pleatsen fan oplaad peallen of oplaadpunten foar grien gas.

Neist de diken lizze berms yn behear bij de gemeente. Wij wolle it behear (noch) mear ynrjochtsje foar it fersterkjen fan bioferskaat troch it brûken fan blomrike mingsels en let te meanen. Fierder daagje wij bewenners en oare partijen út om mei te tinken oer it behear en mooglik sels tsjin in fergoeding it behear oer te nimmen. By de oanpak fan eksoaten lykas “Kaukasische Bereklaw en Japanse Duizendknoop” moatte de gemeente oparbeidzje mei de buorgemeenten, Wetterskip en Provinjse. En mei ús boargers en ûndernimmers.

De gemeente en har organisaasje hat in foarbyldfunksje en rint foar op mei nije ûntjouwings lykas elektryske auto's, miljeufreonlik ûnderhâld fan iepenbier terrein en grienôffal te brûken foar it opwekken fan enerzjy.

1. Wentebou!

Mei stip op ien stiet wentebou. Oanslingere yn 2018 troch de FNP waard wentebou in grut Tema yn de Fryske polityk en dat is it noch hieltyd. Yntusken is de FNP troch in ferskaat oan opiny stikken, filmkes en oare uterings yn de measte gemeenten ek tema eigener wenjen! De FNP moat mei in Frysk masterplan wenjen komme. **Bouwe nei aard, skaal en karakter yn elk doarp stiet dêryn sintraal!**

2. Us lânskip!

Us romte. Wy sjogge hieltyd mear bedrigings op Fryslân ôfkommen as it om de romte giet. No is eangst nea in goede riejouwer en dêrom wolle wy posityf ynstekke. Begjin 2021 ha wy fia de JongFryske Mienskip de Twitter aksje **#GrutskopFryslân** lansearre. Yn in pear dagen tiid kamen der hûnderten foto's foarby. En wat foel op? Allegearre lânskipfoto's! Dêr meie wy grutsk op wêze en dat moatte wy hoedzje en noedzje.

3. Wize fan libjen!

Yn Fryslân dogge wy it allegearre krekt wat oars. Mar ek tusken gemeenten en streken kin hjir ferskil yn sitte. Wat wy mienskiplik ha is de minsklike maat; in eigen sosjale ynfrastuktuer, kultureel libben en wize fan omgean mei elkoar, mar ek in eigen soart MKB. **De FNP stiet foar de minsklike maat.** Grutte romte foar it lytse.

4. Taal en kultuer!

Foar elk dúdlik en einliks gjin útlis by nedich. **Wy brûke oer it algemien gewoan ús eigen taal yn gjalpen en oare uterings.** Der is ek in omslach geande yn de maatskippij. Eigenheid sûnder troch te sjitten yn identiteitspolityk docht it goed.

- | | | |
|--|---|---|
| 1) Ferry van der Ploeg
De Westereen | 7) Johannes Postma
De Westereen | 13) Germ Stienstra
Feanwâlden |
| 2) Jari Weistra
Driezum | 8) Durk Holwerda
Damwâld | 14) Sipke Sangers
De Westereen |
| 3) Jouke Jan Postma
De Westereen | 9) Jurjen de Haas
Rinsumageast | 15) Lieuwe de Bruin
De Westereen |
| 4) Gryt van der Ploeg
Damwâld | 10) Emke Peterson
Damwâld | 16) Willy Wijbenga
De Westereen |
| 5) Jerrit Sjoerd de Bruin
De Westereen | 11) Wiebe Jelsma
Feanwâlden | 17) Sake van der Bij
Rinsumageast |
| 6) Martin Feddema
Feanwâlden | 12) Doetje de Jong
Rinsumageast | 18) Reitse van der Bij
De Westereen |



<https://dantumadiel.fnp.frl>



<https://www.facebook.com/FNPDantumadiel>



https://www.instagram.com/fnp_dantumadiel



https://twitter.com/fnp_dantumadiel